

# Jieroersjoch maart 2011-maart 2012

---

## Langzaam, zo snel als zij konden?..

Dizze moaie sin is net fan mysels, mar fan Toon Tellegen. As jo in boekje sykje om jo bern of bernsbern út foar te lêzen, en it mei wol yn it Hollânsk, dan kin ik jo dizze titel oanriede, ek leuk foar grutten. Langzaam dus, zo snel als zij konden? Dat slacht fan't jier bot op ús. Wy ezelje ús yn't swit en in bûtensteander sjocht amper dat it wat opsjit.

Dan ha ik it foaral oer de nijbou fan it Tillehûs en de oername fan it jeugdwurk. Mar ek oare projekten komme hieltyd wer werom op't aljemint en duorje mar en duorje.

Wy, dat binne :

Sake vd Meer- foarsitter,

Geert Hager- ponghâlder,

Atty vd Heide ? notuliste

Jan v Houten- notulist

Gialt Dijkstra- lid

Lys Visser- skriuwster

**De nijbou fan it Tillehûs** binne we nou by belutsen. It is in hiele toer om it jild byelkoar te krijen. It plan is dan ek oanpast. Nei de simmer waard besletten om de keppeling mei de skoalle, foar it bernediël, fysyk los te litten. Ek waard it gebou kompakter. Sadat it wat goedkeaper koe. De gebrûkers like dit net goed ta en de bourren woene de yngong graach oan de foarkant ha. En dus moast architect Zijlstra wer oan de slach. Anna Tjalma heakke of en Jan Wagenaar

waard benadere om as fysiotherapeut diel te nimmen. Jan is sa enthousiast dat der wer hiel wat meters by moatte, op de boppeferdjipping. En sa groeit en feroaret it plan noch altyd. Foar alle dúdlikens : it nije Tillehûs biedt ûnderdak oan : it doarpshûs, it jeugdhonk, en de gymseal. Fierder komt de húsarts mei de apotheek beneden en de fysio, en fysiofitness boppe. Ek komt der plak foar de logopediste en it konsiltaasje bureau fan de GGD. Dize partijen wurde hierder. Se krije gjin subsydzje en moatte har eigen broek ophâlde.

De finansiering wurdt besjoen, en ek de exploitaasje. As we tinke dat we it, mei help fan it doarp, oandoarre, freegje we de boufergunning oan. It Stichtingsbestjoer is útwreide mei twa man en der binne wurkgroep-leden fûn. Ek binne de gebrûkers frege om har yn te setten foar de nijbou. As alles meiwaret, hoopje we dat we takom jier febrewaris los kinne mei de nijbou.

**It jeugdwerk** is by doarpsbelang ûnderbrocht. It freget de nedige oandacht. In soad saken binne opnij regele of wurde wer op de rails set. Wethâlder vd Veen en mevr. Voolstra fan de Gemeente binne op bisite west foar in oerlis. Se ha plannen om de ûndersteuning net mear via Timpaan te dwaan. Wy ha oanjûn dat we wol ondersteuning by it jeugdwerk nedich achtsje. Fan wa dan ek. It jeugdwerk rint goed en dat moat sa bliuwe. Ek hjir is in grutte rol wei lein foar frijwilligers.

In oar lang rinnend ûnderwerp is it saneamde **Schuttebouw projekt**. Op de braak lizzende grûn yn it winkelsintrum, soe in ôfslutend gebou mei winkels en wenningen boud wurde. De tiid hat ús ynhelle. Der is gjin ferlet fan winkels; krekt oarsom, der steane winkels leeg. De projektûntwikkelder hat syn ferlies naam en de grûn werom ferkocht oan de Gemeente. Omdat der sprake is fan "ynbreidzjen" meie hjir eventueel wenningen boud wurde. As PBK ha we yn petearen mei wethâlder Lammers, Ted Rypkema fan de Gemeente en de direksje fan de SWA oan jûn dat we belang ha by de bou fan saneamde "levensloopbestendige" wenten op dit plak. Of ha we as doarp noch in oar idee?

Ek de **oanpak fan de N369 oftewol de Koaten** sit al hiel lang yn't fet. As ferfolch op it oerlis fan foarrich jier, wie der in petear fan de Provinsje mei de oanwenjenden. Wy ha noch neat fernaam fan konkrete plannen. Wol ha we B&W frege oft dy hjir ek yn meitinke wolle.

De winsk fan Harry Posthumus om te kommen ta in **kano route**, wurdt troch ús stipe en leveret it nedige oerlis op mei de Gemeente, Staatsbosbeheer en it Wetterskip. Langzaam.

Fierder wiene der de gewoane saken, de deistige dingen en it al of net reguliere oerlis mei treden.

Wy kamen as **PBK 10 kear** regulier byelkoar. Der wiene **2** gearkomsten fan de **Federaasje** fan Pleatselike Belangen yn Achtkarspelen. Ien derfân yn septimber by ús. Ek by ús yn it Tillehûs waard op 23 septimber de Gemeentelike **Burendag** hâlden.. **Sinteklaas** kaam oan, wy betellen mei mar Anton Nijboer hie de regie, wêrfoar tank en hulde. **Âld en Nij** waard wer fierd mei in bydrage fan de Gemeente.

Wy gienen nei it oerlis **MER Skûlenboarch- Westkern**.

Wy hienen oerlis mei **de wethâlders** : vd Veen- oer it jeugdwurk, en it Tillehûs. Lammers oer it Schuttebouw project, Antuma oer it konsultaasjeburo.

Mei ambtneren al of net yn in wurkgroep wie der oerlis oer it Tillehûs, de kanoroute, de herinrichting fan de vHarinxmastrjitte, grut en lyts ûnderhâld. Mei Gemeente, Harry Bakker en taxi Waaksma wie oerlis oer de oerlêst fan it café. Der wie oerlis mei de redaksje fan de Nijsmoune. Wy wienen útnoege by it reguliere oerlis tusken bewenners en Haitsma. Der wie in hiel fruchtber oerlis mei it bestjoer fan de Feestkommisje.

Skriuwer dizzes hat meiwurke oan in ûndersyk nei de belutsenens fan Pl.Belang by de Gemeente en miende de Gemeente in fear yn it gat stekke te kinnen. Dat wie lykwols foar dat we nei it ôfslutend oerlis oer de **Structuurvisie** west hiene. Witte jo noch : we mochten foarrich jier earst as PBK's en letter as ynwenners ús winsken foar de takomst op tafel lizze. Wy hienen der fansels- folop oan meidien allegear. En no die bliken dat al ús plannen net yn de visie telâne kaam binne. As no ien of twa it net helle hiene. Dat, wy ha ús gram helle en mar leafst 5 **zienswijzen** en in **rappel** yntsjinne. Dat leste begrip bestie oan't no ta noch net as sadanich, mar dochs. Wy wachtsje of wat de Ried der mei docht.

Feestjes wienen der ek: it ferboude Gemeentehûs waard feestlik iepene en tagelyk namen we ôfskie fan vd Zwan. De beide Tilster tsjerken trouden foar de wet, en wy wiene tsjûge. SCK hie har 75 jierrich jubileum en de Oanrin foar 55+ waard iepene.

Hiel moai is dat der ek dit jier wer in rojaal bedrach fan de Gemeente kaam fanút it **Leefbaarheidsfonds**. It jild is wer nei eer en geweten ferparte ûnder de oanfregers.

De goede harker- of de ferfeelde- hat hearre kinnen dat we as PBK foaral te meitsjen ha mei oerlis, mei dizze en jinge en in soad mei de Gemeente. Miskien net altyd like dúdlik sichtber, gebeurt der hiel wat. Wol komt der meast in soad geduld en foaral in lange adem by te pas. Wâ't hastich is moat in oare tak fan sport kieze. As jo yn 'e skrip binne foar 'de leefberens fan- it doarp, moatte jo paad sykje tusken lange teannen, dwerse kneppels, hurdkoppen, koartkoppen, hytkoppen, kattedoppen, domkoppen, tûkebroeken, grapjurken, hoantsjes en mantsjemosken, beppe Tetsje en muoike Fetsje. Apen en beren. De slak en de hazze **???????**.. langzaam, zo snel als zij konden.

Wy komme der wol !

Lys Visser, skriuwster.